

Tige tank dat wy hjir hjoed as Jongfryske Mienskip by wêze meie. It is ommers net sa mar wat bêste minsken! It Kolleezje fan Deputearre Steaten fan Fryslân hat op tiisdei 8 novimber 2022 unanym besletten om ûndersyk te dwaan nei de Fryske taal op offisjele dokuminten mei oare wurden de provinsje sil him aktyf ynsette foar de Fryske taal op ID-bewizen, rydbewizen, paspoarten of in digitale ID. Dêrmei kin de Fryske taal jo paspoart nei de takomst wêze.

De Jongfryske Mienskip fertsjintwurdigt de belangen fan syn leden. Ien lid frege him yn 2020 ôf hoe't it mooglik wie dat it donorformulier wol yn it Poalsk, Frânsk en Arabysk beskikber wie, mar net yn 'e twadde rykstaal; it Frysk. Under de e-mail dy't wy fan it ministearje werom krigen stie: "Laat die kerel een keer in zijn paspoort kijken waar hij woont." Sadwaande waarden wy twongen om by Tûmba in melding fan diskriminaasje te dwaan. Deputearre Poepjes hat der doe wurk fan makke mar by it jûnsklokformulier gong it wer mis. Wy tochten dat moat dochs oars kinne, hielendal omdat de Twadde Keamer yn desimber 2020 in moasje oannommen hat om de sichtberens fan it Frysk te fergrutsjen. Perfoarst kinne jo je ôffreegje wêrom sa 'n moasje nedich wie? It Frysk is dochs de twadde offisjele ryks taal fan Nederlân?

Bestjoerslid Sjoerd Groenhof murk op dat de besteande Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer op it mêd fan sichtberens fan it Frysk net folle om 'e hakken hie. Reden genôch om in plan te skriuwen dat de besteande sitewaasje ferbetterje koe. It Oanfalsplan fergrutsjen sichtberens Fryske taal en identiteit yn Fryslân waard yn maart fan dit jier presintearre. Yn it plan, yn de foarm fan in blau boekje, steane 10 foarstellen om de sichtberens fan it Frysk te fergrutsjen. De Fryske polityk wie der fol lof oer.

Sjoerd Groenhof hat tink ik guon minsken ynspirearre. By de Rede fan Fryslân liet Kommissaris fan de Kening Arno Brok dan ek witte dat it nije bestjoersakkoart wol ambisjeuzer wêze mei en net mear sa braaf wêze soe as de foarige út 2020.

Foarstel nûmer 6 út ús blauwe boekje giet oer it Frysk op offisjele dokuminten. En dat is ek de reden wêrom't wy hjir hjoed binne.

It Frysk is in âlde taal, âlder as it Nederlânsk. It Frysk is ús rykste kulturele besit.

Gjin stoffige samling boeken yn it museum mar in moderne taal dy't ek yn 'e 21e iuw folop libbet yn ús hert! As wy sjogge nei de skiednis, ús striid foar lykweardigens, emansipaasje en ynklusy, dan heart it Frysk gewoan sichtber te wêzen op offisjele dokuminten. It Frysk is ommers mear as in kommunikaasjemiddel. Frysk is de taal dy't foar Friezen ticht by it gefoel sit. It is ús memmetaal yntegraal ûnderdiel fan ús kultuer en identiteit en dêrmei is it neist jo identiteitsbewiis yn 'e wrâld..it paspoart nei de takomst ta.

Yn't foarste plak wolle wy Deputearre Poepjes tige tank sizze foar har krewearjen. Mar wy hawwe noch in hiele wei te gean foardat it safier is en fansels bliuwe der noch 9 punten oer yn ús blauwe boekje mei oanrekommandaasjes. Wy as Jongfryske Mienskip wolle it Frysk yn alle domeinen útgroeie litte ta in folsleine lykweardige taal. Om dat doel te berikken sille wy oanhâlde as storein en sjogge it beslút fan 8 novimber as in wichtige earste stap.

Ut namme fan it bestjoer fan de Jongfryske Mienskip,

Elske, Jenny, Wolter, Sjoerd, Sander en Jelle

Op de webside <https://www.wiismeifryslan.com/fryske-taal-op-id-bewiis/> is hjir oer mear te finen.